’k Wit ien dei yn’t jier

'k Wit ien dei yn't jier

in samling ferskes en forhalen

oer it Sint Piterfeest

Yn 1959 joech Sint Piter oan alle Grouster skoalbern in boekje: „'k Wit ien dei yn 't jier".
Hy die dat, sei er, om't er miende, dat de bern de wurden fan alle ferskes, dy't hja foar him songen oars net ûnthâlde koene.
Nou, dêr is er sûnt dy tiid wol tofreden oer. Dat hat er sels sein!
En dat is ek gjin wûnder, hwant yn 1962 skikte er alle jonges en famkes in lieteboekje ta: „Pipernútsankjes".
Mar der komme altyd wer nije bern — en greate minsken! — dy't noch to min fan Sint Piter ôfwitte.
Dêrom hat er frege, oft it net mooglik wie nochris in samling ferskes en forhalen gear to stallen.
En hokker Grouster sei „Né!", as Sint Piter him hwat freget? Dat sadwaende is hjir in twadde útjefte fan „'k Wit ien dei yn 't jier", mei nije forhalen en alle âlde en nije sangen.
In wurd fan tank oan allegearre, dy't meiwurke ha om dizze útjefte ré to krijen, is wol op syn plak:
de skriuwsters en skriuwers fan ferskes en forhalen,
de fa. Van der Spoel en Co. foar it kreaze forsoargjen en
de G.W.H.I., dy't soarge hat foar it jild.

It Sint Piterkomité:

F. ROUWÉ-BOSCH
D. DE VRIES-BROUWER
M. MOEDT
H. TICHELAAR
G. H. VLEDDER

Grou, febrewaris 1965.

Sint Piter-sang

'k Wit ien dei yn 't jier,
Dy wint it sa fier,
Alteast nei it sin fan de measte bern,
Fan snein en fan sneon,
Hwant dan komt in freon,
Mei lekkers hast mear as hy drage kin.

Hy reiz'get by nacht,
Miskien dat de wacht,
Him faek as wy sliepten wol riden seach,
Wol seach hoe't er to peard
Mei hurddraversfeart,
Fan skoarstien op skoarstien nei Grou ta teach.

Syn steek en syn tas,
De bûs fan syn jas,
En dan noch in baelsek dy't er by him het,
Dêr sit marsepyn
En sûkerguod yn
En boartersguod bern, dat bigrypst sa net.

Syn hynder yt hea,
Noch hjouwer, noch brea,
Mar pipernútsdaei en ek taei as 't brekt,
En sa wurdt it dier,
Dan danige tier,
In lekkerbek is 't op en út, dat sprekt.

Slacht Sintom dyn koer,
Yn 't reizgjen soms oer,
Tink dan mar forfêst dat it ien of 't oar,
Yn skoalle is of thús,
Net suver, net plús,
Hwant leau my, de baes hat in fyn gehoar.

De winsk dat syn wei,
Oer 't hûs liede mei,
Is idel foar koppige luije bern,
Dêrom doch dyn plicht,
Oars soe men dy licht,
As oaren blier laitsje, oan 't skriemen sjen.

Eat oer Sint Piter

Oer it Sint Piterfeest to Grou is al hiel hwat skreaun en riddenearre. Hwat de oarsprong oanbilanget mient men dit — seldsume — feest to forklearjen út de aparte lizzing fan it doarp of út it feit dat de tsjerke oan Sint Piter wijd is. Nou is de wei nei Jirnsum der pas yn de achttjinde ieu kommen, mar it measte forfier gie by âlds lykwols oer it wetter en dat wie der to Grou planteit. Men koe dus net sizze dat der hast net to kommen wie — yn elk gefal net minder as op de measte oare plakken. En yn oare doarpen, dêr't de tsjerke ek oan Sint Piter wijd is, wit men fan gjin Sint Piterfeest.....

Yn 't algemien sprutsen wie it Sint Piterfeest eartiids in foarjiersfeest, dat rounom hâlden waerd en dêr't it faek tige rûch om en ta gie. Fóar de kalinderforoaring yn 1701 foel it feest op 5 maert en sa hat it bikende ferske hwat mear egenskip:

Sint Pitersdei
Dan grienet de wei
Dan bakt mem strou
Dan keallet de kou
Dan leit de hin
Dan hat de húsman it nei syn sin.

Sint Piter waerd yn dokter Eeltsje syn tiden fortoand as in forklaeiden ien, dêr't de bern binaud fan wiene en dy't dochs jeften útdielde.

Yn de „Sint Piterboask" fan dr. Eeltsje yn de Rimen en Teltsjes biskreaun, lêze wy bygelyks:

> „.....Der sprong immen ta de gong yn mei in keatting oan de foet en dy frege oft der ek goede berntsjes oan hûs wiene? „Ja" sei Saepke, „kom mar yn Sinte Piter". En dêr kaem er oan, it wie stjûrman Haeije, mar hy wie net to kennen. In rûge mûtse hie er op en in sek op 'e rêch en de troanje sa bifrommele mei in siden doek, dat der neat bleat wie as de eagen. De berntsjes kroepen neiby yn elkoar, mar doe hja seagen dat er omke' âlde skânsloper oan hie dy oan alle iggen en seamen mei koeke, Hamboarger kreakelingen en mei boartersguod en apels binaeid wie....."

Dizze kréaesje hat it noch lang úthâlden. Alde minsken hawwe my wol forteld hoe binaud hja as bern fan Sint Piter wiene. Dêrby gie deselde morael, nammentlik dat hy ûndogenske bern yn de sek troppe en de goede bileanne.

Om 1900 hinne kaem der lykwols foroaring en bigoun in juffer fan de beukerskoalle yn Grou mei de „iepenbiere les" dêr't Sint Piter dan by wie. Hy wie nou optoaid as Sinterklaes en roun troch it doarp.

Yn 1908 lykwols — ik haw dit allegearre út de Grouster krante fan dy jierren neigien — is der in juffer De Roos beukerskoallematres en nou wurdt de hillige op Boarnsterhoek (by hotel Oostergoo) mei it musykkorps „Apollo" ynhelle, op 't hynder hyst en hâldt de hillige in trochtocht troch it doarp.

Dizze forskining hat de âlde, primitive Sinte Piters finael de deastek jown en sa oerflakkich soe men sizze, dat it nou krekt in Sinteklaesfeest wurden is. It is dat nèt, it is in hiel eigen doarpsk feest, dat de Grousters oanfiele yn de geast fan „ús Grou" en „ús toer" en „ús mar". It past yn de trant fan it doarpslibben, by it hurdriden, it aeisykjen, it hurdsilen en hwat de tiid mear jowt. It is in spontaen feest, dat it skoan tsjin de konkurrinsje fan de tillevysje- en radio-sinterklazen hâlde kin en alle jierren wer mei like folle tagedienens en nocht fierd wurdt.

Grou en Sint Piter..... se binne net byelkoar wei to tinken.



Oer wâljende weagen

(Op de wize fan: Zie ginds komt de stoomboot.)

Oer wâljende weagen,
Oer brûzjende sé
Komt Sint mei syn stoomboat,
d' Ald man stiet al ré.
De flaggen dy waeije,
It séwetter blinkt,
De pipen dy rikje
De stoomfluite klinkt.

Hwat laket syn feintsje
De berntsjes al ta,
Syn sniewite tosken,
Dy blinke dochs sa.
Hy stiet by it hynder,
Dat knikt mei syn kop,
Twa fleurige tûften
Dy waeije der op.

In swiere Sint Piterreis

Sa't jimme witte is it alle jierren op de 21 febrewaris great feest yn it doarp Grou. De measte Grouster bern hoecht men net to freegjen hwerom. Hja witte skoan, dat dan harren greate freon Sint Piter komt en dy docht yn goederjowskens net ûnder foar syn broer Sinterklaes. Dat Sint Piter altiten sa moai op tiid is, dat is yn 'e tsjintwurdige tiid net sa'n great wûnder, hwant alle treinen en bussen, boaten en fleanmasjines binne altiten kreas op tiid en Sint Piter kin foarút moai wis sizze hoenear 't er oankomt yn Grou. De boargemaster stiet om dy tiid grif ré om de bilangrike persoan út Spanje in hertlik wolkom ta to roppen.

Dat it yn eardere tiden folle minder reizen foar de âlde biskop wiene, sille jimme wol bigripe. Hy moast soms troch bergen snie mei syn hynder en hy moast dan wiken foar syn jierdei al fuort, oars kaem er net op tiid. Dan soene de bern yn Grou sa lang wachtsje moatte. En jimme witte allegearre wol, dat der net folle minder dingen binne as wachtsjen op eat dêr 't men ôfgrysliken sin oan hat. Mar lokkich foar de Grouster bern, Sint Piter is noch nea to let kommen, al hat it der ienkear raer om spand. Ja wier, it hie neat skeeld of Sint Piter hie nea wer yn Grou kommen.

In wie yn 'e tiid, doe 't der noch gjin treinen rieden. En auto's wiene der ek noch net. Nou hiene dizze dingen Sint Piter doe miskien ek net helpe kinnen, hwant der leine sokke bergen snie op 'e paden en yn 'e doarpen, dat hy wie der mei treinen en auto's fêst yn stykjen bleaun.

De biskop wie út Spanje wei mei in great sylskip oer de sé nei Fryslân tein. Hja hiene noch al hwat stoarm ûnderweis hawn, mar lokkich wie de reis goed slagge. Twa dagen letter as it plan wie liet de kapitein de boat fêst meitsje yn Starum en Sint Piter gie mei syn swarte guds oer de planke. Mar och hea, hwat in snie, hwat in snie. It wie ien greate wite wrâld en de paden wiene binei net mear to sjen. Dochs moast Sint Piter der troch, hy koe net in pear dagen wachtsje, hwant hy wie al twa dagen to let en de Grouster bern wachten op him. Sûnder fierder om to tiizjen klom de Sint op syn hynder en stjûrde de kant út nei Snits. It earste stik fan 'e reis gie tige goed, it duorre fansels wol langer, mar it hynder koe de sniebulten wol oan en hie aerdich de stap der yn. Op 'e middei kamen hja yn Snits en om 't de Sint gjin tiid forlieze woe, sei er tsjin syn hynder: „Dou hast al in hiele reis hawn, mar wy moatte dochs mar fierder, miskien fine wy ûnderweis noch wol in gaedlik plakje dêr 't wy hwat ite kinne". It hynder, dat in

forstandich bist wie, koe dit bêst ynskikke en knikte mei de kop. Hy woe dêrmei sizze: „As jo it sizze, dan is it my bêst" en fierder gie it wer.
Doe't hja sahwat in ûre riden hiene, waerden de sniebulten noch heger en by it doarpke Dearsum koene hja net fierder. It bigoun ek noch to sniejeijen en de Sint koe hast gjin hân foar eagen sjen. Yn 'e lijte fan in âld pleatske skûlen hja efkes. It hynder krige de sek mei hjouwer om 'e nekke en Sint Piter bihimmele in brochje, hwant hy hie tige honger krige.
Oft it nou kaem fan 'e snie of fan 'e kjeld, ik wit it net, mar Sint Piter rekke raer yn 'e war. Hy moast troch it lân om Dearsum hinne, mar doe rekke er it paed bjuster. Hy ried wol op in toer oan, mar it wie net de Raerder toer sa't er tocht. It wie de toer fan Wytgaerd en hy ried dus finael de forkearde kant út.
It waerd ek al hwat tsjuster en de snie dy't de âld man nei Dearsum net mear pleage hie, bigoun ek wer to fallen.
Uren en ûren ried de Sint mei syn trou swart hynder yn 'e tsjustere nacht troch de hege wite snie. Eltse kear as er yn in doarpke kaem, tocht er: „Ha, dêr is Grou". Mar as er dan nei de

toer seach, dan wist er wol, dat it wer mis wie. It wie de Sint Pitertoer net en dy toer moast er ha, dan wie er to plak.
Einlings koe it hynder net mear en de Sint moast syn striid tsjin 'e snie opjaen. Hy kloppe oan by in boer flak by it doarpke Earnewâld. De boer wie alhiel fan 'e wize, hy tocht earst, dat it Sinterklaes wie, mar doe't er it swarte hynder seach, en de wite mantel tocht er, dat er mei in spoek to dwaen hie. Hy fleach deabinaud yn 'e hûs. Hy woe in stôk helje, dan soe hy dat spoek moares leare. De boerinne en Pibe, de boer syn soan, seagen forheard op, doe't de boer him sa tierge.
Pibe, dy't in jier of fyftsjen wie, sei: „Ik sil wol ris sjen, hwa't ús heit sa bang makke hat". Hy gyng nei de skuordoar ta en doe koe er syn eagen hast net leauwe. „Sint Piter", rôp er út, „hoe komme jo hjir! Kom der mar gau yn en it hynder mar fluch yn 'e skuorre". Pibe hie it foarige jier nei Grou west doe't Sint Piter dêr wie en hy koe him daliks wol wer. Mar syn heit hie Sint Piter noch nea earder sjoen en it wie dus net in wûnder, dat er kjel wurden wie. It like ek sa nuver sa yn 'e nacht. Sint gie mei Pibe yn 'e hûs, nei't hja earst it hynder goed to iten jown hiene. De âld man kaem sa by de kachel al gau in bytsje by en doe't er fan syn reis forteld hie, hiene de minsken great meilijen mei Sint Piter. „En moarn is it 21 febrewaris en dan moat ik yn Grou wêze", sei de biskop en hy luts net sa'n fleurich gesicht.
De boer sei: „Jo kinne moarn sa net nei Grou, dat is net to dwaen, it is allegearre snie en der is foar in minske net troch to kommen". Pibe, dy't alles oanheard hie, bigoun ynienen hwat to glimkjen. „Heit", sei er, „mei ik moarn de belslide en it hynder wol liene?" Syn heit seach al hwat nuver, mar hy foun it bêst. „Ik moat fansels al witte hwatstou moaste", sei er. En doe kaem Pibe mei in moai útstel. Hy sei: „Ik bring Sint Piter moarn nei Grou. Ik gean mei de belslide oer iis nei Grou, dat kin fêst wol. Troch de Alde Feanen is it wol to dwaen en mei twa hynders foar de slide moat it raer komme as ik net yn Grou kom". „Twa hynders?" frege de boer. „Ja wis", sei Pibe, „it hynder fan 'e Sint moat dochs ek mei, oars komt er nei syn jierdei sûnder hynder yn Spanje". De boer, de boerinne en Sint Piter founen dit in prachtich plan fan Pibe en sa kaem it, dat nei in swiere, mar prachtige tocht troch de Alde Feanen, om healwei ienen op Sint Piterdei in belslide oer de mar glied, mei Pibe efter op mei de leije yn 'e hannen. Twa swarte hynders der foar, it hynder fan 'e Sint en de swarte fan Pibe syn heit.
Sa kaem Sint Piter dochs noch op tiid by de Grouster bern. En Pibe? Dy gie mei in almeugend greate taeipop nei hûs en dy hie er wol fortsjinne.

Sint Piter komt nei Grou

Sint Piter komt nei Grou wer ta,
Hwat sille wy in wille ha;
Hy nimt foar elts hwat lekkers mei,
Swiet sûkerguod en ek taei-taei.

Hy komt mei 't boat oan op 'e kaei,
En nimt syn feint en 't hynder mei.
Der is né wier gjin better man.
It hiele doarp dat praet der fan.

Foaral foar lytskes is 't in freon,
Fan alles wurdt der har tatreaun,
In dogeniet is Sint net brek,
Dy triuwt syn feint wol yn 'e sek.

Dy swarte feint dat is in gút,
Is altyd mei Sint op en út,
En hat it meastal och sa bryk,
Hy docht ek fêst oan gymnastyk.

Gjin skoarstien ommers is to heech,
Hy glydt ek sa mar wer omleech,
Hy hat fan alles yn syn sek,
En hâldt graech minsken foar de gek.

Lang bliuw' hja net by ús yn Grou
Mei ien dei sette se wer ou,
Hja sille, hoopje wy, dan ha,
In goede reis nei Spanje ta.

O, sjoch ris efkes!

(Op de wize fan: O, kom er eens kijken!)

O, sjoch ris efkes,
Hwat ik yn myn kuorke fyn
Allegear moais en lekkers,
Boartersguod, marsepyn.
In pop mei echte skuontsjes oan
En moaije kleantsjes, it stiet sa skoan.
In boek dêr't ik yn kleurje kin,
De Sint brocht my alles nei 't sin.
O, sjoch ris efkes (ensfh.)

O, sjoch ris efkes,
Hwat ik yn myn kuorke fyn
Allegear moais en lekkers,
Boartersguod, marsepyn.
In auto dy't echt ride wol,
In pong mei knikkerts en gleskes fol,
En ek in great stik spekulaes,
It is sa'n goed' âld' baes.
O, sjoch ris efkes (ensfh.)

Swarte Pyt

Dêr stiet ien yn de tsjustre joun,
it is in nuver hear.
Hy hat in antlit swart as roet
en draecht in read ferwielen hoed,
in huodtsje mei in fear. (2 x)

Hy hat in baelsek great en rom,
dy draecht er op 'e rêch.
Dy sek is swier, hy rint hwat krom
en strúnt foar alle glêzen om,
en sykjend loert syn each. (2 x)

Ynienen sjocht er troch in rút,
dêr is in tropke bern!
Dy sjonge lûd har sankjes út,
de swarte baes, in echte gút,
dy tinkt: dat moat ik sjen (2 x)

Hy tilt de klink foarsichtich op
en is yn 't hûs fordwoun.
Dan slacht er op de doar: klop, klop!
De pipernuten, hals oer kop,
dy stouwe yn it roun! (2 x)

De berntsjes geije 't út fan nocht
en rôlje oer de flier.
En bûten ûnder 't stjerreljocht
giet Piter fierder op syn tocht
en laket lûd en blier. (2 x)

Siz jonges . . .

Siz' jonges, wit jim hwa't ús heit,
Op 't dak seach justerjoun?
It wie Sint Piters swarte feint,
dy't nei de skoarstien roun.

Ik doch nou hieltyd goed myn bêst,
Dan is Sint Piter bliid
en krij ik fêst hwat yn myn skoech
as dy by de kachel stiet.

En strak set ik myn kuorke klear.
As 't Sint syn jierdei is,
dan krij ik wol in moai kedo
en lekkers, sûnder mis.

Foto J. D. de Jong

Sa'n ûndogenske Swarte Pyt

't Wie febrewaris. Yn Grou bigounen de bern mei it sjongen fan al dy moaije Sint Piterferskes. Allegear seagen se út nei de ien-en-tweintichste, hwant dán, dán kaem Sint Piter. Mei Swarte Pyt fansels, syn feint, dy't altyd sokke moaije grapkes makke, mar dy't wol ris in bytsje dom wie. Hy koe net iens goed telle yn it Frysk. Hy sloech altyd de sawn oer. Ja, dy Swarte Pyt wie in moaijenien.....

Ik wit noch in moai forhael oer Swarte Pyt, dat jim grif noch net kenne. It barde yn Spanje, op in joun, in pear wike foar Sint Piter syn jierdei.....

De âlde Sint Piter en syn swarte feint sieten togearre yn de hiele moaije wenkeamer, great jonges, it like wol in seale. Sint Piter siet to lêzen yn in hiel dik boek. Ynienen hold er op, klapte it boek ticht en sei: „Siz, Piterbaes, witstou wol, dat it al gau wer tiid is om nei Grou ta to gean? Noch in pear wike, dan is 't myn jierdei". „Jahaaaa, Sint Piterrr, ik dat wol wit hearrr! Ik der oe sa'n sin oan ha. Dan ik wer ride kin op resens, hin?" „Redens bidoelst grif", sei Sint Piter. „O jaaa, redens. Jahaaa Sint Piter, wy nou al gau geane?" „Ja jong", sei de goede âlde man. „Wy moatte eins nedich ris sjen, hwat wy allegear krekt op 'e souder ha to stean en dan moatte wy mar ris útrekkenje, hwat wy der by keapje moatte. Witst hwat Piter, wolstou ris sjen hoe't it liket mei dy blikken sûkertaei? 'k Soe sizze, helje der ris in pear stikken út en nim dy mei nei ûnderen, dan kinne wy dy togearre ris priuwe". „Priuwe, Sint Piter, is dat opite?" (Swarte Pyt wie nammentlik in greate lekkerbek.) „Ja", sei Sint Piter, „opite. Togearre ite wy dan dat sûkertaei op. Hwat seist derfan?" „O jaahaaa, Sint Piter, dan ik it efkes helje, hearrr". En rûtsty, Piter wie al fuort, de keamer út en efkes letter stoude er as in rinket troch de greate gongen fan it paleis.

Sint Piter glimke. Sa'n wyldemantsje. Him tocht, it soe wol in hoartsje duorje, hy soe mar wer efkes lêze yn dat greate tsjokke boek, dat de boargemaster fan Grou him tastjûrd hie. Dêr stiene sa'n protte dingen yn oer de Grouster bern, moaije en minder moaije, ûndogenske dingen, dy't de bern úthelle hiene.

Piterbaes wie oan'e ein fan in lange, tsjustere gong kommen. Hy taestte nei it ljochtknopke op'e muorre. Yn it tsjuster, en dan allinne, hy koe der neat oan dwaen, mar hy foun it altyd wer hwat grizelich. It ljocht floepte op. Nou koene jo in greate, swarte ljedder sjen, dy't nei boppen, nei de greate souder gong. Piterbaes toffele nei boppen, sa fluch as in hazze. En dêr stie er al op'e greate souder. Jonges en famkes, sa'n souder ha jim noch nea sjoen. 't Wie krekt in hiel great pakhús, fol mei kisten en doazen

en pakjes. Jo koene der hast wol op fordwale! Foarsichtich slûpte Swarte Pyt oer de souder; hy moast nearne tsjinoan stjitte; der wiene ek wol kisten, dêr't dingen yn sieten dy't sa mar stikken wiene, théservyskes of sa. Hjir en dêr tilde er in lid op en loerde, hwat der yn de kiste siet. Hy seach fan alles, poppen, ballen, blokkedoazen, fytsen, boatsjes, mar gjin sûkertaei.
Hy kaem op it efterste stik fan de souder, en tilde wer foarsichtich in lid fan in doaze. Hea, hwat siet dêr yn? Sûkelade? Ja, wis, sûkelade. Nou wie ús Piter in greate lekkerbek en sûkertaei smakke him och sa skoan, mar sûkelade, dát wie it alderlekkerste, dat der op'e hiele wrâld bistie.

Hwat die ús lytse kammeraet? Hy tocht. Hy tocht der oan, oft Sint Piter it merke soe, as hy ien sûkelaedtsje út 'e doaze weipakte. Grif soe de Sint dat net sjen. Hiel foarsichtich naem er sa'n lyts sûkeladebistke út'e doaze wei, in lyts pykje. En hy treau it yn syn mûle. Syn swarte eagen glinsteren. Hearlik!! Hy sobbe it sûkelaedtsje op en tocht: „Soe Sint Piter it slim fine as ik noch ien opiet? Aaa, né, dat sjocht er ommers net iens. En dêr fordwoun it twadde bistke yn syn mûltsje en kaem ek tolânne yn'e mage by it oare pykje. It wie hast noch lekkerder as it earste.

Swarte Pyt waerd dryster. Hy pakte noch ien. En noch ien. En noch ien. Ja, wier jonges, hy iet it iene nei it oare flikje op en hy tocht net mear oan Sint Piter. Hy wie de hiele man forgetten. En de spekulaes ek. Hy tocht allinne mar oan de sûkelade.
Mar ynienen waerd er kjel.
„Piterbaes, hwer bliuwste!" hearde er fan ûnderen roppen.
Oe, heden hitskes, dat wie Sint Piter. Nou tocht Swarte Pyt wer oan'e spekulaes. Hurd, hurd skuorde er noch in pear lidden fan de doazen en ja, hear, dêr hied er al in trompe mei sûkertaei.
„Ik, ik kom der oan, Sint Piter!" rôp er nei ûnderen. Hy naem de tromp ûnder de earm en stroffele wer by de ljedder del.
„Nou, nou", prottele Sint Piter, „dat duorre mar lang mei dy, net? Koest it net fine?" „Né, Ssint Piter, ik in hiel skoft sykje. S...s...il ik in kopke thé jaen oan Sint Piter?" „Ja, dat is bêst", andere de âld man, „en jow ús der dan mar gau in grou stik sûkerguod by". Piterbaes joech Sint Piter syn kopke thé oer en lei der in stik spekulaes by. Sels krige er allinnich mar in kopke thé. „Hwat nou, Piter, dou moatst sels ek in stik krije, hear!" „N...n...né, Sint Piter, ikke moarn dat ha wol". En gau draeide er syn swarte kopke de oare kant út, hy doarst Sint Piter net oan to sjen.....

Nachts om 1 ûre.....
't Is stil yn it greate paleis fan Sint Piter, eltsenien sliept. Ek Sint Piter. Mar ynienen wurdt er wekker. Krekt as heart er hwat op it keammerke nêst syn sliepkeamer. Ja wis, dat doocht dêr net. Dêr gûlt ien. Hoe kin dat nou? Dat's Piterbaes syn keammerke. „Hwat ha we nou oan de fyts", bromt de âlde bernefreon. Hy komt oerein, stapt út syn bêd, lûkt hurd in pear toffels oan en slofket nei de oare keamer.
Hy docht de doar iepen en..... hwa sit dêr sa rjochtoerein yn syn bêd? Is dat Piterbaes? Dat lytse keardeltsje? Hy sjocht sa wyld om him hinne, en..... oer syn swarte wangen rôlje grouwe triennen. „Hwat is der mei dy, feint?" freget Sint Piter. „Bist net goed?" „Nnné, Sint Piter, ik... (snok) ...bin sa... (snok) ...misselik". „Hoe kin dat nou samar ynienen", seit Sint Piter. „Dou..... siz, Piter, dou hast dochs net oan't snobjen west op'e souder?" En nou komt de aep út'e mouwe. „Jahaa, Sint Piter, ik haw in hiele protte sûkelaedtsjes opiten en nou bin ik sa raerrr. Mar ik sil it noait wer dwaen". „Jonkje, jonkje, dat hie 'k net fan dy tocht", seit Sint Piter, „dat falt my raer ôf. Mar goed, dou biloofst, datst it net wer dwaen silste. Dan leau 'k dat en dêrom sil ik dy nou in drankje jaen. Dan bist daelks net mear misselik." Piterbaes snokt noch hwat nei, mar as Sint Piter him in drankje jown hat en de tekkens efter de rêch treaun, wurdt er rêstiger, en jowt hy him del. „Ssint Piter nou net mear lilk?" „Né, baeske, nou bin ik net mear lilk. As't it mar net wer dochste. En nou..... sliepe!" En de oare deis, jonges en famkes, hwa fleach dêr as in wyld troch it paleis? Swarte Pyt fansels. 't Wie krekt as moast er op 'e trein,

sa hurd draefde er foar Sint Piter om alles klear to meitsjen foar de greate reis. „Dou hoechst net sa mâl, jong", lake Sint Piter. „Jahaaa", lake Piterbaes werom, „ik goed helpe, hin baeske?" Hy sjoude de kisten en trompen en doazen yn it skip en dit jier wiene se sa bitiid klear, dat se in dei earder as oars nei Grou ta koene. Dat kaem fan..... al dy lekkere sûkelaedtsjes op 'e greate souder yn it paleis fan Sint Piter.

Sint Piter-liet

Hwerom stiet yn it âlde Grou de flagge op 'e toer?
Wol minsken, witt' jimm' dat dan net: Sint Piter kaem wer oer;
Hy komt alhiel út Spanje wei,
Ja, dat is tige fier!
Hy nimt foar alle bern hwat mei,
Krekt as forline jier.

Sint Piter is al tige âld, dat sjogg' jimm' oan syn burd,
Dat alle jierren ek noch wer in bytsje langer wurdt.
Syn mantel is as snie sa wyt,
Syn steek sa read as fjûr,
It hynder, dêr't er faek op rydt,
Dat draeft der fleurich oer.

Syn feintsje fluch en gau biret, dat klattert op it dak
En bringt de pakjes lyts en great foar d' âlde baes to plak.
Sa is 't in feest foar elk-en-ien,
De dei fljucht sa mar om,
Wy roppe him by 't ôfskie ta:
„Kom takomm' jier werom!"

Sinte Piter komt op 't hynder

(Op de wize fan: Zie de maan schijnt.....)

Sinte Piter komt op 't hynder
Ut it fiere Spanje wei,
En hy nimt foar alle berntsjes
'n Hiele protte dingen mei,
En syn feintsje fluch en swart,
Dy't de sek fol tropje moat,
Fol mei lytse stoute bern,
Kin sa boas en brimstich sjen.

Sinte Piter rydt op 't hynder
Troch de hege wite snie,
En hy harket oan de ruten,
Oft der ek ien ûndogensk wie,
Dogenieten pas mar op,
Hwant hy skriuwt jim nammen op,
Yn it greate tsjokke boek,
En dan krij' jim foar de broek.

Hwat Geart fan Sint Piter krige

„Geart!" ropt Mem, „kom gau jong, wy sille nei Sint Piter ta".
Lytse Geart komt der al oandraven.
„Mei de autoped mei Mem?" freget er.
Dat is bêst. Geart rint mei Mem nei de keamer.
„Kom mar, dan sil ik dy de skuon en de jas oandwaen", seit Mem.
Geart giet op de stoel sitten en Mem helpt him.
Op dy stoel sit ek in hountsje. It is Woef, it boartersguodhountsje fan Geart.
„Mem!" ropt Geart oan syn mem, dy't nou yn de gong is, om har mantel oan te lûken, „Mem, mei Woef mei?"
„Hoe wolst dy hâlde, ast de autoped ek al haste?"
„Ik byn him oan it stjûr. Hy wol sa graech! Nou Woef?"
It hountsje seit fansels neat, mar it liket al krekt, as laitsje syn eachjes. Geart hat de skuon en de jas nou oan en draeft nei it hok, dêr't de autoped stiet. Hy bisiket it bistke oan it stjûr to knoopjen, mar dat slagget mar min. Hieltyd falt Woef wer nei ûnderen. Op it lêst komt Mem der oan. Se is al hielendal klear en helpt har jonge mar gau mei syn hountsje.
En dan geane se mei syn trijen op stap. Geart kin fansels folle hurder as syn mem, mar hy hellet har hieltyd wer op. En dan fortelt er, hwat der allegear to sjen is op it stikje dyk, dat hy al sjoen hat. Al gau komme se yn de buorren. Hwat is it dêr drok. En alle minsken geane deselde kant út. Nei de kade ta. Dêr sil aenst de boat oankomme mei Sint Piter en syn swarte feint. De bern fan de lytse skoalle steane der ek al. Moai foaroan! „It oare jier meistou dêr ek stean Geart", seit Mem.
Dat liket ús lytse baes wol goed ta. Mar se ha nou lokkich ek noch in aerdich plakje foun. Mem hat de autoped earst in eintsje fierder tsjin in stekje oan set.
Hark, it mezyk spilet al en stadich komt de boat nei de wâl. Sint Piter swaeit nei de bern en de greate minsken. Efkes letter sit er al op it hynder. Dan geane se yn optocht nei it Grien. Se komme deun by Geart en Mem lâns.
Hè, dêr strykt ynienen in swarte hân oer Geart syn gesicht.
„Dach bêste jonge" heart er. Hy wurdt der kjel fan.
„Bin ik ek swart Mem?" freget er.
„Né, jonge, fansels net".
Letter, as de optocht dien is, rinne Mem en Geart noch in eintsje om. „Hwat sil Woef it moai fine Mem. Hy hat noch noait sa folle sjoen. Spitich, dat wy strak de autoped nei by ús hâlde koene, dan hie er Sint Piter ek noch sjen kinnen".
Lytse Geart wurdt nou suver wurch. Dat is fansels gjin wûnder. Hy is noch mar trije jier en hat wol trije kear it ein riden mei

syn autoped. Earst hinne, dan werom, om Mem, en dan nochris itselde eintsje. En dêr wurd jo wurch fan, hear!
As se hast thús binne, mei Geart op 'e autoped stean en Mem triuwt him. Dat giet moai! En as se hielendal thús binne, smyt Geart de autoped efterhûs tsjin de muorre oan, draeft yn 'e hûs en giet foar de kachel op 'e groun lizzen.
Mem moat der om laitsje. „Bist sa wurch, jong? Aenst mar lekker ite en dan gau op bêd". Mem bigjint fêst de tafel foar it jounsiten klear to meitsjen.
As Heit thúskomt, is alles ré en hat it lytse baeske syn pyama ek al oan. „Bistou sa slûch jong?" freget Heit.
Mem en Geart fortelle fan alles hwat se sjoen ha. Geart hat der suver honger fan krige en hat samar syn boardtsje leech. As it iten op is, mei er syn kuorke opsette. Dan draecht Heit him op 'e skouders nei boppen ta. En it duorret noch mar in hiel lyts skoftsje, of ús mantsje sliept al lekker.

Mar der is in oaren-ien, dy't net lekker sliept. Hwa soe dat wêze? Jawis, lytse Woef. Dy hinget noch oan it stjûr fan de autoped. En dy autoped stiet noch bûten. Heit is troch de foardoar yn'e hûs kommen en Mem hat ek net mear bûten west.

It is al hielendal tsjuster. Allinnich stiet it moantsje to laitsjen oan de loft, mids de stjerkes. Woef kin sa gelokkich wol hwat om him hinne sjen. Mar dêr hat er net sa folle nocht oan, hwant hy is kâld. It friest suver in bytsje. Woef woe wol, dat er yn de keamer wie by de lekkere waerme kachel.
Och, och, hwat wie er fan'e middei bliid, dat er mei mocht. Hy hat goed om him hinne sjoen en seach allegear nije dingen: auto's, dy't sa hurd rieden en eintsjes, dy't samar op 'e dyk rounen by it park en noch folle mear.
Mar hy hie nea tocht, dat syn baeske him samar yn de kjeld en yn it tsjuster stean litte soe. Woef kriget de triennen yn de eachjes en docht sa nou en dan in pear lytse snokjes. Hy hat sa'n fortriet. Mar hwat is dat? Woef heart hwat. It binne fuotstappen, dy't hiel súntsjes om it hûs hinne komme. Soe de heit fan Geart dan dochs noch komme en de autoped yn'e hûs sette?
Woef sjocht goed út en dan..... Oooooh! Hwat wurdt er kjel. It is Geart syn heit net, dy't dêr efterom komt, it is in swarte man! Hwa soe dat wêze? O, hwat is Woef nou binaud, hy wol wol weikrûpe efter de stjûrstange. Mar dy is fierstento tin. Oh, as dy swarte man him mar net sjocht!!!
Hark, hy praet ek noch: „Hjir moat it wêze. Ik dúdlik hearde hwat. In berntsje gûlde, of in bistke. Pyt him helpe sil".
En dan sjocht er ynienen it lytse bistke hingjen. „Och heden, dou gûle?" Pyt sjocht trientsjes. „Kom mar by Pyt. Hat dyn baeske dy forgetten? Dom baeske! Sa kâld en sa allinnich!"

Pyt knopet it toutsje, dêr't Woef mei fêstsit, los en nimt it hountsje yn syn swarte hannen. Woef is nou ek net sa bang mear. Dy swarte man praet net lulk, hy is wol freonlik.
Dochs fortrout Woef it net rjocht. Mar hoe kin er fuortkomme? Hwat soe der nou mei him barre sille?
„Pyt wit hwat. Pyt dy meinimme nei Sint Piter. Dy wol witte, hwat der mei dy barre moat". Dat seit de swarte man noch en dan triuwt er Woef sa lang mar yn de bûse fan syn sidene broek. Us hountsje wit der nou hielendal neat mear fan.
Nei Sint Piter? Hwa is dat? Hy woe folle leaver mar nei lytse Geart. Soe dy Pyt dat net dwaen kinne?

Woef sit dêr mar yn dy bûse. It is dêr lokkich waermer, as dat bongeljen oan it stjûr, mar hwer sil er bidarje?
Se rinne in hiel ein, dat kin Woef wol fornimme oan de biwegings fan de fuotten. Op it lêst stiet Pyt stil en dan komme se yn in hûs. It skynt tominsten ljocht yn de bûse en it duorret ek mar in hiel lyts skoftsje, dan wurdt Woef der út helle. En hwat sjocht er dan? Dêr sit op in greate stoel in man mei hiel moaije klean oan. In wite mantel draecht er, mei reade rânnen en in hiele greate reade hoed mei goud. De man hat ek in lang wyt burd en in snor. Hy sjocht der prachtich út. Woef tinkt: „Soe dit Sint Piter wêze? Dan hoech ik net mear binaud to wêzen. Dizze man sjocht der sa freonlik út".

Nou bigjint Swarte Pyt to fortellen fan alles, hwat er joun heard en sjoen hat. Woef harket der nei. Hwat wit dy Pyt in soad, hy hat grif goede eagen en earen. Hy fortelt ek, hoe't er Woef foun hat en hoe kâld en fortrietlik dy wie.
As Pyt útforteld is, seit Sint Piter: „Wy sille dy lytse Geart ris leare, dat er better op syn bisten passe moat. Doch him mar ris yn in doaske Pyt en liz him by de pakjes fan Geart. Dan sil ik der in briefke by skriuwe".
Sa bart it. Woef kriget noch in lekker waerm tekkentsje oer yn syn doaske. Hè, hwat wurdt er lekker waerm en hwat fielt er him noflik. Hy docht syn eachjes ticht en..... Woef sliept.

As Woef wer wekker wurdt, wit er earst net, hwer't er is. Hwat is dit dochs foar lyts ticht keammerke? Mar dan heart er hwat. Is dat net Geart syn stimme? Hwat laket dy hieltyd en hwat is er bliid.
„Sjoch ris Mem! Hwat is dit moai. Och Heit, hwat krij ik in soad pakjes! Sinte Piter hat wol goed op my past!"
Sa praet lytse Geart mar. Op it lêst is der noch ien doaske oer. En as Geart dat útpakt, wurdt it efkes hiel stil. En dan ropt er: „Dat is myn eigen Woef, mar hoe komt dy hjir?"
„Wachtris", seit Heit, „der leit in briefke by". En dan lêst Heit it foar:

Pyt foun yn de tsjustere nacht
Dit biske bûtendoar.
It gûlde hast, it wie sa kâld.
Wit Geart dêr ek hwat foar?

De lytse jonge seit neat, hy sjocht stil foar him út.
„Nou?" freget Mem.
En dan krûpt Geart syn hountsje oan en hy seit: „Ja lytse Woef, ik sil better op dy passe".

Wy witte allegearre

(Op de wize fan: Och moeke hoor eens even.)

Wy witte allegearre:
Sint Piter is sa goed.
Binammen op syn jierdei
En dat is it dan hjoed.
Hy jowt dan wer fan alles wei,
Dat nimt er ús út Spanje mei.

Syn feintsje is sa fleurich,
Mar sjocht ek wol ris boas.
As immen net om lyk wol,
Krijt dy neat yn 'e hoas.
Mar dat bart lokkich net sa faek,
Hwant wy dogge ús bêst omraek!

't Is wer Sint Piter

De bern yn skoalle leare net,
Har sinnen binne oars biset,
Se tinke net oan skrift en boek
En steane gauris yn de hoek.

De master ropt de hiele dei:
„Siz jonges, doch nou ekris mei!"
Al is dy master noch sa boas,
De bern dy kinne nou net oars.

Hwant moarn is 't wer St. Piterdei,
d' Ald baes komt oer út Spanje wei.
En mei mezyk en great fortoan
Komt hy dan op de Kade oan.

Se sjogge wiken der nei út,
De dei fan taei en pipernút.
En ek de âld'ren libje mei,
It is ús doarp syn greate dei.

Sint Piterdei

Op in febrewaris-dei
Komt St. Piter lâns de wei
Elk wol him sjen, elk wol him sjen
Op syn tocht mei d' lytse bern.

't Is in feest foar jong en âld
't Lit gjin inkel minske kâld
Elkenien sjocht, Elkenien sjocht
Nei de fleur, mei greate nocht.

Soe syn hynder wille ha?
Hwant hy ropt ús fleurich ta:
„Ik bin wer blier, Ik bin wer blier
Dizze dei jowt sa'n fortier".

En it hoantsje op 'e toer
Ropt it hiele gea dan oer:
„'t Is wer sa fier, 't Is wer sa fier
't Is de moaiste dei fan 't jier".

Ynhâld

Sint Pitersang	C. Wielsma	5
Eat oer Sint Piter	L. Brolsma	6
Oer wâljende weagen	Unbikend	8
In swiere Sint Piterreis	D. Wiersma	9
Sint Piter komt nei Grou	D. Wiersma	12
O, sjoch ris efkes	J. van Weert-Hylkema	13
Swarte Pyt	J. Eisenga	14
Siz jonges	J. Vledder-v. d. Knoop	14
Sa'n ûndogenske Swarte Pyt	A. Bouma	16
Sint Piterliet	J. v. d. Burg	20
Sinte Piter komt op 't hynder	J. K. Dijkstra	21
Hwat Geart fan Sint Piter krige	J. Vledder-v. d. Knoop	22
Wy witte allegearre	J. van Weert-Hylkema	27
't Is wer Sint Piter	J. Boorsma	28
Sint Piterdei	J. Boorsma	